

't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.



34 e jiergong - nûmer 2, maaie 2011



Durk Breeuwsma

loonbedrijf & kraanverhuur



Stekt foar jo de hannen út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E info@durkbreeuwsma.nl • I www.durkbreeuwsma.nl

Westerskatting 4, 8614 AP Oudega (W)



balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten • kraanverhuur
transport met oprijauto • zand-, grond- en grindhandel • grondverzet

GIETEMA

EXMORRA - TJERKWERD

FOURAGE - AGR. WINKEL - TRANSPORT

Tel. 0515 - 576633 - 579156 Fax 0515 - 576644

www.gietemafourage.nl


Er is niets leuker dan een speelse, alerte en actieve hond. Een hond die er bovendien gezond uit ziet en een glanzende vacht heeft. Dit soort zaken laten zien dat uw hond in allerlei opzichten goed gezond is. De juiste voeding maakt het gemakkelijker om dit te bereiken.



Daarom adviseren wij DOGGAR HONDENVOER van GARVO



't Skieppesturtsje – 34^e jiergong – nûmer 2, maaie 2011



Redaksje-adres:

**Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
☎ 0515-579338**

e-mail : mjryedema@hetnet.nl

Redaksje :

**Gerben Wijnja
Sylroede 4
0515-579348**

**Anneke Feenstra
Bolswarderweg 1a
0515-577117**

**Riemkje Lemstra
Sylroede 5
0515-579706**

**Fokko Rollema
Singel 8a
0515-579051**

**Stinsilwurk :
Praktijkschool de Diken, Sneek**

**Foto omslach :
Gerben D. Wijnja**

*'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan
Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante
wurd hûs oan hûs besoarge troch de
redaksje.
De krante kin bestean troch frijwillige
bijdragen fan de lêzers.*

Inhoudsopgave

Inhoudsopgave	2
Vrijwillige bijdragen	2
Fan de redaksje	3
Lintsje foar ús EHBO pommeranten	5
Jaap van Lingen master-aaisiker fan 2011	6
Nieuws van de kaatsvereniging	7
Molkerstiid	11
Kort nieuws van dorpsbelang Tjerkwerd	12
De hoeder fan Tsjerkwert	13
Biljartseizoen 2010-2011	16
Parkje Sylroede	17
Koninginnedag Tjerkwerd e/o	19
Nieuws van stichting It Waltahûs	20
Muzykferiening Eensgezindheid	22
Koken met Riemkje	23
Familieberichten	24
Geboren	24
Ferstoarn	24
Maaitiid 2011	25
Bedankt	25
Collectes	25
't Lamsearke	26
SNYPSNAREN	27

Vrijwillige bijdragen

Vrijwillige bijdragen zijn ontvangen van;

Mw Feenstra-Burghgreaf Tijnje; W en B Bakker Bolsward; A. Walsma-de Boer Bolsward; S. Gietema; D en S Haarsma; Mw Dekker-Bergsma; J.J. de Jong Drachten; A. de Jong Kollum; B. Algra e.o.; T.G. van der Meer e.o. Witmarsum; fam. S. Miedema; Fam J.P. Zysling; S.B. Bouma e.o.; Fam. Vd Gaast Dedgum; Fam. Bruinsma Dedgum; Fam. Van der Stap; W. Bootsma e.o. Sexbierum; Fam. U. Haarsma; Mw Gietema-van Wieren; C. G. Bouman Dedgum; Fam. Huisman-Stellingwerf.

Namens de redactie, heel hartelijk bedankt voor uw bijdrage!

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding "Bijdrage it Skieppesturtsje" en het jaar waar het betrekking op heeft.

Bankrelatie; ABN/AMRO bank Bolsward, rekening nr. 84.76.68.398

Fan de redaksje

2011 is in bysûnder jier foar Tsjerkwert. De Waltawei hat lang om let it oansjen krigen wat er fertsjinnet. Tige kreas wurk is der oplevere troch de mannen fan Ballast Nedom en de strjitmakers fan Wiggeman. Dat fertsjinnet aanst ek in weardich yn gebrûk nimmen. No ha wy der mei ús allen fansels al oer hinne west en der rom fan sprutsen. Foaral it net mear omriden wurdt ek tige wurdearre. Want lit ús earlik wêze, it is net om de doarpen dêr, mar wy wiene dêr op't lêst al bot op útsjoen: alle dagen wer dy filekant om. Nee, dan de opknapte Waltawei: it rydt as in prins en sa fielt dy rykdom fan it reade asfalt ek wol wat: it is suver in útrôle reade loper foar foarnaam folk. Och, litte wy ús dan ek mar sa fiele en de bewenners ha der mei harren wenten in toplokaasje foar werom krigen. Der no mar sunich op wêze en net te hurd ride fansels!



Dit nûmer hat ek wat in plattelânsk spesjalisme. Sa is der in ferslach fan twa froulju dy't te melken west ha, komt de skiephoeder fan Tsjerkwert op it aljemint (sjoch ek de foto fan de skieppestâl op de omslach) en berjochtsje wy oer it jierlikse greidefirus dêr't guon bewenners lêst fan ha. Fierders freegje wy jim oprjochte omtinken foar de doarpssite www.tsjerkwert.nl. Dit ymponearjen (libbens)wurk fan Feike Mulder en syn heit dy't okkerjiers stoar hat in skoftke út 'e loft west troch tadwaan fan ynternetkriminelen dy't der blykber nocht oan ha om skea oan te rjochtsjen.

Hawar, de site is werom, in kompliment oan Feike foar syn stûf folhâlden, mar tagelyk in oprop oan elkenien fan Tsjerkwert om foaral nijs en foto's ta te stjoeren. It is geweldig dat wy yn Feike in betûft webmaster ha dy't der tiid en entûsjasme yn stekke wol. Soks moat fansels mei respons beantwurde wurde.

Mar der is mear. Fansels ek wer yn kleur, want dêr wolle wy eins net mear sûnder. Temûk dreame wy fan in blêd dat folslein yn kleur printen wurdt. Sis nea nee, want wa hie 20 jier lyn tinke kinnen dat wy no sa'n moai doarpsblêd doar oan doar bringe kinne? Ek doe hiene wy ek al dreamen hear!

As doarp binne wy ek tige wiis mei de keninklike ûnderskiedings dy't ús beide Skieppesturten krigen, Doarpspommeranten fan heech nivo! Tige lokwinske hear. Jim ha it fertsjinne.

Foar de bern is der ek wer in side dy't wer goed wêze kin foar in aardich pryske. Dus skoalbern fan Tsjerkwert, jim kinne ek oan 't slach mei ús eigen Skieppesturtsje.

Dat de simmer foar elkenien mar moaie (fakânsje)dagen hat. En foar alle oare hichtepunten ek alle goeds tawinske.

De redaksje

Dorpsfeest 2011

PROUD TO BE FAUT
SEVENTIES & EIGHTIES

15 & 16 juli

met op zaterdagmiddag de
spectaculaire musical

US MEM RIA

Lintsje foar ús EHBO pommeranten

Op freedtemoarn 29 april 2011 mochten Akke Gietema-van Wieren fan Rytseterp en Hinke Twijnstra-Terpstra fan Ymswâlde in keninklike ûnderskieding ûntfange en binne no lid yn de Orde van Oranje-Nassau. Jim kinne begripe, dat dit foar harren in tige grutte ferrassing wie. It bestjoer fan de E.H.B.O.-feriening fan Tsjerkwert hie harren foardroegen.

Beide froulju binne ûndertusken al 40 jier lid fan de Tsjerkwerter E.H.B.O. en dit jier ek al 25 jier warber as kaderynstruktrises yn ferskate doarpen.

Hinke is as foarsitter de motor fan de EHBO-club en troch har ynset binne der yn in pear jier al hast 50 leden op de feriening. Ek jout se ehbo-lessen op de basisskoalle en is se wakker aktief foar de 60+ soos. Akke hat yn it ferliene sekretaris fan it bestjoer fan de c.v.o.-skoalle west en ek nog bestjoerslid fan stichting "It Waltahûs". Ek hat se via it Reade Krús in protte promoasjewurk dien foar it EHBO-barren op de basisskoallen.

Al mei al wie dit wurk fan harren sa goed, dat se wol in lintsje fertsjinne hienen, neidat se foarich jier troch de EHBO-feriening sels al beneamd wiene as erelid !

Om de beide dames sûnder argewaasje nei it stedhûs te krijen, wie noch wol eefkes in toer, mar de gemeente Súdwest-Fryslân hie in brief stjoerd mei de útnoeging om ris te praten oer de skoalle-e.h.b.o. mei oare skoalbestjoeren yn de nije gemeente, om't se heard hiene, dat it yn de âlde gemeente Wûnseradiel sa goed organisearre wie.....

Tige grutsk ha se it lintsje yn ûntfangst nommen yn in rûnte mei famylje en freonen. We sille hope, dat se it nog lang drage meie.

It bestjoer fan de EHBO



Foto: Akke en Hinke mei hun keninklike ûnderskieding

Jaap van Lingen master-aaisiker fan 2011

It tal aaisikers rint werom. Lit dat dúdlik wêze. Want mei it tebekrinnen fan de fûgelstân liket de animo om te sykjen ek op syn retour. Dat hat ek te krijen mei de rigeljouwing dy't (te) fier trochslacht, mar it hat tagelyk de rêding fan de âlde tradyske west. Der komt lykwols noch in oare soarchlike omstannichheid by. De jongerein lit it suver folslein ôfwitte. Jaap van Lingen is ien fan de âldere garde, ien dy't it sykjen noch mei de papleppel yngetten is. Dy't troch master op skoalle mei it lân ynnommen waard en sa de leafde foar de fûgels en it fjild bybrocht is. No is allinne Michiel de Jong fan de Sylroede noch fanatyk yn 't fjild. Jierrenlang fûn er as skoaljonge it earste fan skoalle. En, sa fertelde Jaap ús, hy is alle dagen nei skoalletiid yn 't lân te finen.

Wy wiene dus by Jaap van Lingen, ien fan de betûfte aaisikers fan Tsjerkwert en lid fan de fûgelwacht fan Boalsert en omkriten. In betingst om sykje te meien en dat hâldt ek daliks de ferplichte neisoarch yn. It is benammen dat punt dat by de rjochter mei de trochslach jûn hat dat der yn Fryslân noch socht wurde mei. Jaap is der bliid om. Hy is graach yn't fjild en docht de neisoarch mei leafde. By Bouwe Speerstra, Ieb Witteveen, Jelle Zijsling, Sjoerd Gaastra en Jehannes Dykstra hâldt er de fûgelstân yn 't each en set prikken om de boeren foar de nêsten te warskôgjen at se meane sille of oar wurk mei swiere lânboumasines fan doel binne te dwaan.



Jaap hie dit jier it earste aai fan Tsjerkwert en it is in goede gewoante om dat by de redaksje oan te jaan. De wikselbeker stiet dan in jier lang by dizze aaisiker op 'e skoarstienmantel, op it dressoir of yn de kast mei noch mear fan dat moais. Jaap is in leafhawwer yn 't kwadraat. Alle jierren nimt er in wike fakânsje op om op syk te gean nei dat earste aai, en mear fansels. Mar dit jier sil er mei syn Betty der in heale wike fan nei Parys. Al wat oars as de rêst fan 't Fryske plattelân.

Freedtemiddei 18 maart wie it dus raak by Jaap. De klok joech 16:45 oere oan. Yn it maisstik fan Bouwe, achter de hege wier, leit in moai flak stik lân dêrst' de nêsten fan ôfstân al sjochst. "Ik wie net fan doel om fuort, mar der sloech in ljip op in mok. Sawol foar as achter wie it in moaien," neffens Jaap. Hy moast doe, daliks út it wurk wie, wol it lân yn ek al hie Rintsje Bakker dêr earder dy middeis noch west. It waard in bêste loop want dy smiet daliks wol twa kear in aai op. "Mar it koe ek net misse," fertelt er mei it selsbewustwêzen fan in saakkundige.

As men in aai fynt moat der sms't wurde, want oars mei it net meinommen wurden. Dat wie de finer fan it earste fan Fryslân dit jier ek mâl oer't mad kommen. De ear gie oan him foarby. Mar dy middeis sette er opnij it lân yn, fûn wer in aai, brûkte doe wol de mobile tillefoan om it troch te sms'en en hy wie noch hieltyd earst. Sa'n poppekast hâldt de redaksje der net op nei, mar de tillefoan komt der ek by ús oan te pas. As it earste trochskille is, en dêr hat frouleaf Betty heechst persoanlik foar soarge, dan giet it as in keatlingreaksje troch de buorren nei alle redaksjemeiwurkers. Mooglik dyselde jûns wurdt der dan noch lottere om de saak yn oarder te befinen. Mireille Galema wie dit jier mei en dat putsje gong har goed ôf (*sjoch foto*). Jaap van Lingen komt mei dizze prestaasje foar de sânde kear mei syn namme op de histoaryske wikselbeker en liket dêrmei de ûnbetwiste koprinder te bliuwen. "En dat fyn ik fansels wol moai," liet er mei in 'big smile' witte.



Nieuws van de kaatsvereniging

Het kaatsseizoen is weer begonnen!

Als kaatsliefhebber kijk je ieder jaar natuurlijk uit naar Koninginnedag. Dan is in Tjerkwerd officieel de eerste kaatspartij van het jaar en dat betekend het startschot voor het nieuwe kaatsseizoen. Traditiegetrouw hadden ook dit jaar weer veel kaatsers last van spierpijn, blauwe plekken en dikke handen na deze eerste krachtmeting, maar dat hoort nou eenmaal bij het nagenieten.... Het weerhield een flinke groep enthousiastelingen er in elk geval niet van om op de eerstvolgende donderdag de want weer te pakken en richting het kaatsveld te gaan voor de start van het wekelijkse competitiekaatsen. De jeugdkaatsers mochten op 10 mei weer aan de slag. Het doet ons veel plezier dat het kaatsen nog onverminderd populair is onder de jeugd van Tjerkwerd en Dedgum. Het is een drukte van jewelste op het skieppefjild op dinsdagavond!

Ook de dames begonnen op 10 mei weer met trainen. Het is een gevarieerde ploeg met jong en ietsje ouder, geroutineerde kaatsers en beginners. Er hebben zich in totaal zo'n 8 dames die zich voor het dameskaatsen hebben opgegeven, maar er kunnen nog best een paar bij. Dus kom er gerust eens langs en doe mee!

Alle competitie en trainingsgegevens even op een rijtje:

Op dinsdag:

- 18.45 – 19.30 trainen voor kinderen uit **groep 3 en 4**.
Trainers: Atty, Reiny en Erna
- 18.30 – 20.00 trainen en competitie kaatsen voor de kinderen
uit **groep 5 t/m 8**. Trainers/begeleiders: Wiebren,
Ype, Freerkje, Seakle, Roel en Riemer
- 19.45 -... trainen/kaatsles voor **dames**.
Trainers: Auke en Bert Jan

Let op:

- Leden van 12 t/m 14 jaar mogen ook nog meetrainingen op dinsdag, maar competitiekaatsen is voor jullie op donderdag
- Op 24 mei is er geen jeugdtrainingen, ivm de avondvierdaagse. Er is wel competitiekaatsen voor de oudste jeugd.
- We gaan door met trainingen tot aan de bouwvak. Daarna is er geen trainingen meer (zowel voor de jeugd als de dames). De laatste keer is 26 juli. De competitie gaat nog wel door tot en met 23 augustus.

Op donderdag:

- 19.00 - ... competitiekaatsen voor **iedereen die niet meer op
De basisschool zit.**

Let op:

- Elke keer vóór 19.00u melden bij Seakle of Jan
- Op 2 juni en 14 juli gaat het competitiekaatsen niet door. 2 juni is Hemelvaartsdag en 14 juli is de dag voor het dorpsfeest.

Partijen

Natuurlijk staan er dit jaar ook weer de nodige kaatspartijen op het programma. Als jullie dit lezen is het Pearkekeatsen inmiddels achter de rug. Het 'partij-programma' ziet er verder als volgt uit:

Za. 4 JUNI, 13:00u: FRT PARTIJ

Ledenpartij voor de jeugd tot 16 jaar.

Samen met KV 'De Seare hân' uit Wolsum, in Tjerkwerd.

Kaatsen in verschillende leeftijdscategoriën

Zo. 5 JUNI, 11:00u: JELLE'S BOUBEDRIUW PARTIJ

Ledenpartij vanaf 16 jaar.

samen met KV 'De Seare hân' uit Wolsum, in Tjerkwerd

Bij voldoende opgave is er een aparte dames en heren partij!

Zo. 26 JUNI, 11:00u: RONALD ZWART PARTIJ

Zachte bal kaatsen

Voor iedereen en alle leeftijden.

Za. 23 JULI: HAARSMA PARTIJ

13:00u *Ledenpartij voor de basisschooljeugd*

20:00u *Nachtkaatsen*

Za 27 AUGUSTUS 11:00u: VAN ZUIDEN PARTIJ

Afsluitende ledenpartij en jeugdpartij

Deelname is altijd voor eigen risico.

Er wordt gekaatst volgens de regels van de KNKB, tenzij anders wordt aangegeven door het bestuur van KF 'De Twa Doarpen'. De KNKB regels zijn na te lezen op www.knkb.nl

Nieuwbouw

Naast de trainingen, competitie en partijen heeft het bestuur dit jaar nog meer dingen te regelen. Er staat namelijk nieuwbouw op het skieppefjild op de planning!

Op vrijdag 6 mei was er in het Waltahûs een extra ledenvergadering om de leden te informeren over de plannen en hun toestemming te vragen voor het investeren in dit project. De opkomst was niet bijzonder groot, maar alle aanwezigen waren unaniem enthousiast over de plannen.

Voor wie er niet bij waren, even een hele korte samenvatting van het besprokene deze avond.

De huidige keet op het sportveld is aan vervanging toe. Er zijn plannen om een stenen hokje neer te zetten met o.a. kleedruimte, douches en meer bergruimte. Er is een permanente vergunning voor een gebouw op het sportveld en de tekeningen zijn inmiddels goedgekeurd door hûs en hiem. De officiële bouwvergunning laat nog even op zich wachten, oa door de wisselingen in de gemeente.

Zo'n project brengt de nodige kosten met zich mee en er wordt hard aan gewerkt om de financiën rond te krijgen. De bouw start niet eerder, dan wanneer dit klaar is.

We hopen het nodige geld te besparen door tijdens de bouw veel met vrijwilligers te werken. Iedereen die denkt, op wat voor manier dan ook, zijn steentje bij te kunnen dragen, is van harte uitgenodigd om zich bij het bestuur te melden.

Om de hele bouw in goede banen te leiden is er een bouwcommissie samengesteld, bestaande uit Germ Dijkstra, Theo Galema, Douwe Wijngaarden en Jan Postma.

We hopen dat we niet al teveel tegenslagen (meer) tegen zullen komen bij dit project en dat we (eind) volgend seizoen gebruik kunnen maken van de nieuwe accommodatie!

Uitslag competitie 2010

Het Skieppesturtsje is een populair blad en al twee keer was er zoveel copij ingeleverd dat er geen plaats meer was voor de uitslag van de competitie van 2010. Die hadden jullie dus nog tegoed. Bij deze:

COMPETITIE HEREN 2010

nr	naam	totaal
1	Auke Walsma	84
2	Roel Hekkema	66
3	Ids Walsma	65
4	Riemer Haytema	64
5	Jan Hessel de Groot	60
6	Gooitzen Brandsma	59
7	Thomas Huitema	57
8	Jan Postma	56
9	Anne Gietema	56
10	Jan Witteveen	53

COMPETITIE DAMES 2010

nr	naam	totaal
1	Rowanne Terpstra	80
2	Jacobien Postma	79
3	Atty Gietema	61
4	Agatha Witteveen	56
5	Froukje Walsma	51
6	Freerkje Walsma	51
7	Hotske Burghgraef	47
8	Lianne Huitema	47
9	Reiny Haytema	44
10	Janette vd Gaast	37

COMPETITIE JEUGD 2010

Nr.	Naam	Totaal
1	Klaas Jan Haytema	63
2	Kirsten Bijlsma	50
3	Michiel de Jong	48
4	Yvonne Galama	47
5	Sigrid de Boer	46
6	Femke Lemstra	45
7	Jildou Speerstra	44
8	Sjoukje de Jong	44
9	Jelly van der Gaast	43
10	Harmen Burghgraef	42



Molkerstiid

Koeien melken leek me geweldig om eens een keer te doen. Het kwam dan ook ter sprake tijdens een avond in It Waltahûs. Van het een kwam het ander en samen met Betty mocht ik de koeien melken bij Jelle en Thea. Graag 's middags, dit was op ons verzoek. 12 April was het dan zover. Met een rode zakdoek in mijn jaszak ging ik op weg om Betty op te halen op weg naar de dames die gemolken moesten worden. Ondertussen hadden we de zakdoek al op ons hoofd geknoopt. Daar gingen we... op de fiets richting Baburen. Via de achterdeur gingen we naar binnen, Bono heette ons welkom met een grote gaap en wat likken en ging toen weer verder met slapen, ondertussen werden we gevolgd door vele nieuwsgierige koeienogen.

Na de koffie gingen we los, Jelle en Thea gaven ons een rondleiding op hun bedrijf. Via de pasgeboren kalfjes naar de afkalfbbox, de melkkoeien, de "droge" koeien, eindigden we uiteindelijk in de melkput. In overall, laarzen en zakdoek gingen we o.l.v. Jelle aan de slag. Ondertussen stonden de dames al



te dringen voor het hek. Handschoenen aan, tepels reinigen en het melkstel aan het uier hangen. Het leek allemaal zo gemakkelijk. Maar oefening baart kunst en het ging steeds beter en we lagen ook redelijk op schema.


Foto: Karin en Betty in actie

Een ervaring rijker en veel koeien verder konden we terug kijken op een fantastische middag.

Jelle en Thea heel erg bedankt!

Betty en Karin.

Foto: Karin Harkema, Jelle Zijsling en Betty Jellema



Kort nieuws van dorpsbelang Tjerkwerd

Herschrijven dorpsvisie

Dorpsbelang zal dit najaar beginnen met schrijven van een nieuwe dorpsvisie. Hierbij kunnen dorpsbewoners meedenken over bepaalde punten en/of oplossingen die volgens de bewoners spelen in het dorp. De bewoners worden na de zomer uitgenodigd om hier over mee te praten.

Werklijst met actiepunten die uit het speeddaten naar voren zijn gekomen tijdens dorpsbelang jaarvergadering 2009:

- Rondweg ivm overlast doorgaand verkeer en verplaatsing brug
- Jeu de boules baan in het parkje
- Parkeergelegenheid bij It Waltahûs
- Klavertje Vier wandelroute
- Fietspad langs het Van Panhuyskanaal naar Allingawier
- Opslag/kleedruimte bij het sportveld voor o.a. kaatsvereniging
- Ontsluiting van Baburen naar de fietstunnel
- Fietspad Jousterp
- Project nieuwbouw
- Huurwoningen

Website Tjerkwerd

Verder worden alle secretarissen van de diverse verenigingen uitgenodigd om aanwezig te zijn op een vergadering, te houden op 3 juni a.s. in It Waltahûs. De heer Mulder zal hierbij aanwezig zijn om alle mogelijkheden van de site uit te leggen. Zo kan iedere vereniging een e-mailadres aanmaken bijvoorbeeld: dorpsbelang@tsjerkwert.nl. Aan de afgevaardigden zal worden gevraagd om jaarverslagen, uitslagen etc. op de site te zetten. De heer Mulder wil zich graag toeleggen op al het oude materiaal, zoals foto's en krantenknipsels en het updaten en bijhouden van de website in algemene zin.

Dorpsbelang Tjerkwerd: Rob Dijkstra, Elma Draaisma, Astrid de Boer, Robert Tiesma, Betty Jellema, Bouwe Speerstra, Theo Galema.



De hoeder fan Tsjerkwert

Yde Schakel bringt mei syn lammen it foarjier yn it fjild

De maitiid is wer yn it fjild. De sinne hat al de noflike waarmte om yn 'e ljtte bûtendoar te sitten. Tunen, gersfjilden en park kleurje de pracht fan blommenfleur en yn 'e fierte ropt it lûd fan in greidefûgel wylst om hûs hinne de sjongfûgels it fan de dakken roppe: it is maitiid. De do roekoet fan klearebare wille en de klyster is ek drok dwaande yndruk te meitsjen. En earne yn in Tsjerkwerter hûs priket it earste ljipaai yn in skaaltsje, in kostber besit foar de warbere aaisiker.

Dy sneontemiddeis siet ik by de famylje Schakel oan de kofjetafel. It wie de tiid fan it lammen fangen, dat it wie foar boer Yde in drokte fan komsa. It wie sels sa bannich dat hy de help fan Jan Witteveen mar wat goed derby brûke koe. Fol fjoer fertelde er oer syn passy foar it wurk fan de skieppeboer. Hy is grutsk op syn bedriuw dat er fanôf 1992 hjir op 'e hoeke fan Boalserterdyk en Beabuorren hat. In famyljebedriuw dat er mei leafde foar it fak fuortset. Mar in bedriuw is it wol. It is gjin hobby, der moat brea op 'e planke komme. Wylst wy sa oan it praten binne, is der dochs de driuw om by de skiep te wêzen. Yde hie my skille dat it soe dy deis folop heve. Hy hie neat tefolle sein, want yn it oere dat ik by him yn 'e stâlen omsloech stie it iene nei it oare skiep op omfallen. Behindich gie Yde er mei om, neat gjin stress mar mei it each in fan in hoeder dy't syn saakjes ûnder kontrôle hat. Der lei ris in laam ferkeard dat Yde moast de saak eefkes keare. As it nije libben yn it strie foel wie mem skiep der daliks by om it mei soarch skjin te slikjen.



Ien skiep wist mar leafst fiif lamkes te krijen. En foar de skiep mei de lammen moasten dan gau aparte hokjes makke wurde om se by de mem drinke te litten. Se waarden ek fuortynienen behannele tsjin wjirmen en krigen in eigen nûmer dat troch Jan behindich yn in kompoeterke fêstlein waard.

Yn 1992 wie Yde hjir dus boer wurden op it pleatske fan syn heit. Hy is der ek berne, dat it buorkjen hat dan wol wat fansels. Hy is ek mar wat grutsk op syn bedriuw dat er makke hat sa't it der no hinne leit. Der ha 260 skiep by de raam west en dêrfan sille 250 ôflamje. Tachtich toukes ferfange anst it âlde spul, de Tesselaars geane fuort en wat der dan noch oer is giet nei Frankryk. De ramen binne goed foar de Ramadan, it offerfeest fan de Moslims op 11 novimber. Mids oktober moat der dan foldwaande fleis op sitte om se hjirfoar ôf te setten.



Foto: de pleats fan Yde

En dan is der noch it wurk foar Natoerbehear. Mannichien sil Yde kinne fan it hoedzjen fan keppels skiep by de diken lâns, mar ek op it Trekpaad nei Boalsert ta. Yde hat it dan oer syn ekologyske ferbiningszône. It sied fan dizze bermen wurde troch de skiep yn 'e facht en tusken de poaten meinommen, ferspraat, sadat er in natoerlike ferbining ûntstiet tusken ferskate natoergebieten. De skiep "meane" de rûchten koart, mar der bliuwt ek wol wat stean.

Der bliuwt sa in moaie fegetaasje oer foar lytste bistkes. Yde besiket ek dit wurk sa goed mooglik te dwaan. Nei it weidzjen makket er it fytspaad wer sa skjin mooglik sadat fytters en kuiers der gjin lêst fan ûnderfine. Buorden op 'e ôfsettings wize minsken derop dat hja tydlik eefkes omfytse moatte. In inkele kear falt dat ferkeard, mar meastentiids is der folop begryp foar en wurdearret men dizze ynset yn it belang fan de natoer.

Werom nei de pleats. It giet mar troch mei it smiten fan lammen. Tige grutsk is Yde op in spesjale romte dêr't de jonge lamkes yn nivo's it drinken leare moatte. Foaral as in memmeskiep in fiifling smyt is it foar sa'n skiep tefolle fan it goede. Dan kinne de jonge lamkes yn ferskillende fakjes de opienfolgjende nivo's fan drinken leare. It wurket prachtich. Hat in laam it earste fak yn 'e macht, dan skowe se in fak op en ta einbeslút binne se selsstannich en rêde se harren sels. In soarte fan skoalle, mar dan foar lammen, in pracht útfining, it giet suver automatysk. Mar dochter Lineke hat der ek in protte nocht oan. Yn har overaltsje sit se achter in stek in lamke de flesse te jaan. In prachtich gesicht.



Foto: Lineke jout de flesse

Nijsgjirrich ek foar bern dy't wolris komme te sjen, ek fan skoallen. En Yde fynt dat ek wol moai en is tige gastfrij. Minsken mei



Foto: de skiep krek skeaerd

genietsje litte fan wat der by him ûnder de hoannebalken ôfspilet is in ekstra stimulâns. It jout in goed gefoel al dy ferwûndere eachjes fan de bern te sjen, dat glunderjen, dat ûntdekken fan de wûndere wrâld fan it boerelibben. Wat Yde oanbelanget docht der dit wurk noch hiel lang. "It wurk bûtendoar, mei de bisten oan 'e gong, de lammerij yn 't foarjier." Neffens my fynt Yde dit it moaiste wurk op ierde. Hy is as hoeder fan Tsjerkwert in wiere ambassadeur fan it fak fan skieppeboer.

Gerben D. Wijnja

Biljartseizoen 2010-2011

Het seizoen is weer voorbij. De laatste biljartavond (en klaverjasavond) werd gehouden op dinsdag 5 april jl. De keu kan weer voor een aantal maanden in de kast.

De kampioensbeker ging de afgelopen èèn van de Bolswarderleden Jelle of Rein en deze heren waren er op gebrand om de beker bij de "afdeling Bolsward" te houden maar deze keer blijft de beker in Tjerkwerd. De winnaar heeft in het verleden vrij vaak een tweede



jaren naar

prijs gewonnen en werd dan soms gekscherend ook wel de “Joop Zoetemelk” van het biljarten genoemd.

De uitslag van het seizoen 2010-2011:

Als 1^e geëindigd en kampioen Haye Huitema.

De aanval op de titel net mislukt maar toch een mooie 2^e plaats voor Jelle Zwaagstra.

Helaas net te weinig maar toch een keurige 3^e plaats voor Jan Postma.

Had beter verwacht maar alsnog een 4^e plaats voor Gerben Dijkstra.

Geen prijs verwacht maar toch nog de 5^e plaats er uitgesleept Sjoerd Bouma.

Alle prijswinnaars van harte gefeliciteerd. Nu gaan we eerst van de zomer genieten en de vakanties. Eind september kunnen we ons weer gaan richten op het biljarten.

Iedereen een prettige vakantie toegewenst.

Biljartvereniging H.T.S.

Parkje Sylroede

In het parkje aan de Sylroede is de klinkerbestrating verwijderd en zijn er schelpenpaadjes aangelegd. Er zijn een aantal rozenperkjes in het perkje en er zal op diverse plaatsen nog extra beplanting worden aangebracht. De intentie is om de beplanting in het najaar van 2011 aan te brengen. Op diverse plekken is gras ingezaaid en we hopen dat de grasveldjes snel helemaal groen zullen zijn. Het onderhoud (grasmaaien) wordt door Empatec verzorgd.

Het parkje is bedoeld voor wandelaars. We hebben geconstateerd dat de paadjes door het parkje ook gebruikt worden als ruiterspad en dit kan niet. De paden zijn niet aangelegd als ruiterspad en ook niet geschikt hiervoor, de ondergrond is niet sterk genoeg. Als men het parkje gaat gebruiken als ruiterspad, dan zullen binnen de kortste keren beschadigingen aan de paden optreden.

Wij willen hierbij een oproep doen aan iedereen die paard of pony rijdt om het parkje niet te gebruiken als ruiterspad.



Met vriendelijke groet,
Namens Gemeente Súdwest Fryslân

Yvonne Sieswerda, Dorpencoördinator

OPROEP AAN BEWONERS EN OUD-BEWONERS TJERKWERD

Dit jaar doet de Sint Petruskerk voor het eerst mee met Tsjerkepaad. Op zaterdagmiddagen vanaf 2 juli t/m 10 september zal de kerk geopend zijn van 13.30 - 17.00 uur 16 juli i.v.m. dorpsfeest niet.



We zijn van plan om een expositie in te richten met foto 's van mensen die in deze kerk getrouwd zijn.

Daarvoor zijn we op zoek naar (kopieën van) trouwfoto 's, liefst op groot formaat A4. Liefst in de kerk of in de buurt van de kerk.

Verder naar allerlei andere zaken die met de trouwdag te maken hebben: een bruidsjaon, trouwpak, trouwteksten, -kaarsen en andere attributen rond het trouwen. Heel welkom zijn ook verhalen en anekdotes, liederen en gedichten. U kunt de foto's inleveren met lijst of als kopie met een retourenveloppe met postzegel.

Wij retourneren ze dan na afloop van de tentoonstelling. Ook mag u de foto op de mail zetten (inscannen of foto van foto), wij zullen ze dan zelf in A4 afdrukken.

We denken nog na over een bijzondere opening en sluiting op resp. 2 juli en 10 september.

In de archieven hebben we al heel wat namen gevonden, maar die gingen tot 1958. Misschien kennen jullie nog bruidsparen van voor die tijd. Wie wil meedoen en waarmee?

Graag zoveel mogelijk doorgeven tot uiterlijk 1 juni bij één van de leden van de Tsjerkepaadcommissie of op de mail.

Namen/huidige adressen bruidsparen (s.v.p. met telefoon en e-mail), trouwdatum, predikant, foto 's, verhalen, andere bijzonderheden etc. :

.....
.....
.....

Emailadres: tsjerkepaadtjerkwerd@gmail.com

Gjettje Dijkstra, Dyksicht 7,
Epie Wijngaarden, Singel 5,
Yde Schakel, Bolswarderweg 1,
Fokko Rollema, Singel 8a, Tjerkwerd en
ds. Gerit Groeneveld, Trekweg 54, Parrega



Koninginnedag Tjerkwerd e/o

Ook in Tjerkwerd werd weer traditioneel Koninginnedag gevierd.

Een dag en avond vullend programma, voor ieder wat wils

Het korps begon de dag met een ronde door het dorp, gevolgd door vele kinderen welke bij "it Waltahus" een ballon hadden gehaald.

Na de aubade op het sportveld mochten de kinderen de ballonnen oplaten, door de harde wind ver geblazen. Helaas hebben we tot op heden nog geen kaartje terug ontvangen.

Na een bakje koffie op het veld waren er voor de jongste jeugd kinderspelletjes en een springkussen.

De oudere jeugd en volwassenen konden volleyballen, kaatsen en Jeu de Boules spelen.

Tot ver in de middag werd er gekaatst, spannende partijen.

Uitslag jeugd: 1^e prijs Michiel de Jong en Jan Jochum de Boer.

Uitslag volwassenen:

1^e prijs Bert Jan Ouderkerken, Freerk Kootstra, Yvonne Galama.

2^e prijs Gooitzen Brandsma, Sietske vd Meulen, Gerda Wind.

Verliezersronde; 1^e prijs Jan Hessel de Groot, Lisanne Burghgraef, Eduard Witteveen.

Bij de volleybalwedstrijd heeft het team El Paparazzi de 1^e prijs in de wacht gesleept, dit zijn Jelle Feenstra, Janneke Postma, Paulus Witteveen en Tessa van der Zee.



Foto: het winnende team "El Paparazzi" aan de overkant van het net

In de middag is er een fietspuzzeltocht gereden, door de stevige wind voor de enthousiaste deelnemers af en toe een ware beproeving! De tocht voerde langs Bolsward, Hichtum, waar iedereen een heerlijke oliebol kreeg (met dank aan Dokie Swart, de vader van Riemkje Lemstra-Swart), en in Burgwerd was er koffie, thee en limonade. Daarna fietste men langs het water weer terug naar Bolsward en door naar Tjerkwerd.

Aansluitend voor de jongste jeugd een kinderdisco waar de voetjes goed van de vloer kwamen, een patatje toe, konden zij, moe maar voldaan, lekker in hun bedje kruipen.



De dag is afgesloten met een zeer geslaagde druk bezochte dorpsbarbecue, met natuurlijk elk jaar het draaiend rad. Er waren prijzen gesponsord door Van der Weerd in Bolsward, waarvoor onze hartelijke dank.

Tjerkwerd e/o kijkt terug op een zeer geslaagde zonovergoten dag!

Nieuws van stichting It Waltahûs

Hier weer even een stukje van het bestuur van It Waltahûs. Het activiteiten seizoen loopt alweer naar het einde.

Na de grote binnenschilderbeurt en de nieuwe brandveilige gordijnen ziet het Waltahûs er weer tiptop uit en kan er weer een hele tijd tegen.

Hierbij een korte terugblik wat er vanaf januari de revue is gepasseerd:

Eind februari hadden we een heus carnaval gepland echter ivm enkele activiteiten in de buurt, waar veel jeugd van plan was naar toe te gaan, hebben we maar besloten om deze avond te laten vervallen. In polonaise lopen moet tenslotte gedaan worden met een hele zaal vol mensen, wellicht volgende jaar?

De vrijwilligers avond op 19 maart was weer een succes. Er lopen heel wat Bekende Nederlanders rond; gespot zijn oa Ben Shaunders en Frau Antje en we hadden zelfs koninklijk bezoek van Prins Willem en Koningin Beatrix.



Annie van Bob de Rooy kwam ook nog even langs en met d'r brommertje de zaal in. Ze heeft wat liedjes voor ons gezongen en nog enkele vrijwilligers in het zonnetje gezet. Nadat ze vertrokken was ging het buffet open en daarna is er nog tot in de late uurtjes nageborreld. Wederom weer een erg geslaagde avond zo aan het eind van ons seizoen!

Op Koninginnedag hebben we het erg getroffen met het weer waardoor het de hele dag gezellig en druk op het sportveld was. De BBQ was weer uitstekend verzorgd door de Oranjevereniging en ook de natjes smaakte iedereen weer prima..

Zoals al gezegd is ons seizoen weer bijna ten einde; 14 mei was er het Pearke keatsen met nadien prijsuitreiking in het Waltahûs.

Nu kunnen we ons dus opmaken voor het dorpsfeest waar we al druk mee aan het regelen zijn. Voor het nieuwe seizoen kunt U de eerste activiteit alvast noteren nml het duo Klûn en Knoffelhakke komt een leuke avond voor ons verzorgen op 29 oktober.

Hoe en wat kunt U tzt lezen op de M.A.T.

Een fijne zomer toegewenst namens het bestuur..!!!

Muzykferiening Eensgezindheid

Op vrijdag 1 april hebben we in de vierde divisie meegedaan aan de Open Nederlandse Fanfare Kampioenschappen te Drachten. Hier hebben wij met het spelen van het stuk 'het ministerie van fanfare' de tweede prijs behaald. In onze divisie speelden nog zeven korpsen. Met het stuk 'het ministerie van fanfare' behaalden wij een score van 87 punten, wat ons zoals gezegd een tweede prijs opleverde. De prijs is een waarde bon van €250,- euro te besteden bij Gobelin Music, en een trofee. Ook werd tijdens de laatste prijsuitreiking van de kampioenschappen nog bekend gemaakt, dat Muziekvereniging Eensgezindheid uit Tjerkwerd, een speciale prijs gewonnen had. Deze prijs is van Omrop Fryslân en houdt in dat ons muziekkorps een halfuur opnames op cd mag maken met Omrop Fryslân.

Het jeugdkorps De Toansetters was op 16 april aan zet op het Spikerfestival in Ureterp. In de festival divisie werd een uitstekende prestatie neergezet met een 4^e plaats. Berber Speerstra behaalde de 'Staande Ovatie' prijs voor haar solo.



Foto: de Toansetters in actie op het Spikerfestival

Na het optreden van Koninginnedag komt Eensgezindheid met een koffie-concert op zondag 29 mei in het Waltahus in Tjerkwerd.

Ook bij het dorpsfeest van 15 t/m 17 juli zal Eensgezindheid weer meewerken met traditionele optocht door het dorp op vrijdagmorgen en op zaterdag bij het grote muziekspektakel Us mem Ria.

Na de vakantie organiseert Eensgezindheid weer de 2-jaarlijkse rommelmarkt. Tijd om de zolder weer eens grondig op te ruimen.

Een muzikale groet van Eensgezindheid.



Tijdens een thema-week over Afrika hebben Baukje en ik gekookt voor de kinderen van groep 1 en 2 van de Reinbôge. Dit was een groot succes en de ouders zouden graag het recept van de gerechten willen hebben. Het hoofdgerecht hadden we al in de schoolkrant gezet, maar nu willen we graag het nagerecht in it Skieppesturtsje hebben. Het is een soort cake, maar men eet het als nagerecht. Veel succes en eetplezier toegewenst.


Abrikoos-kokospudding

Ingrediënten

235 gr zelfrijzend bakmeel
1 theelepel bakpoeder
snufje zout
150 gr suiker
60 gr zachte boter
2 eieren
1 theelepel vanille extract
100 ml melk
1 (425 gr) blik abrikozen op siroop
60 gr geraspte kokos
3 eetlepels abrikozenjam

Bereidingswijze

1. Verwarm de oven voor op 180 graden C. Vet een ovenschaal in met wat boter.
2. Meng door een zeef het zelfrijzend bakmeel, bakpoeder en zout. Mix in een andere kom de suiker en boter tot een romig geheel en voeg dan een voor een de eieren toe. Meng het vanille extract door de melk en voeg beurtelings het meelmengsel en de melk toe aan het eimengsel. Mix goed door.
3. Schep de helft van het beslag in de ovenschaal. Leg de abrikozenhelften op het beslag met de holte naar boven en schep een klein beetje abrikozenjam in elke holte. Strooi kokos over de abrikozen en schenk het resterende beslag eroverheen. Strijk het beslag glad.
4. Bak de pudding 30 minuten in de voorverwarmde oven tot het goudbruin en gaar is.



Familieberichten

Geboren

Tankber en bliid binne wy meide berte
fan ús famke en suske



ELBRICH JOHANNA


berne op 3 maaie 2011

*Richard en Johanna Teppema-de Vries
Teake Jelle en Riemer Fouke
Sylroede 43
8765 LW Tsjerkwert*

Ferstoarn

Yn in koart skoftke tiid moasten wy ôfskie nimme fan trije fan ús (âld) ynwenners.

Op 23 febrewaris ferstoar Enne Feenstra. Al jierren wenne hy yn 'e Tynje en net mear op 'e pleats op Jousterp. Mar troch de bern en it ferline wie hy noch altyd mei Tsjerkwert ferbûn.



Op 26 febrewaris ferstoarn Hein Gietema. Hein hat him jierrenlang ynset foar ferskate ferienings yn it doarp en is dêrfoar yn 1984 ek ûnderskieden mei de Skieppesturt, tegearre mei syn frou Akke. Dêrneist wie Hein altyd te finen by it keatsen. Op de ôfrûne keatspartij mei Keninginnedei koe men dan ek faak heare: 'Der mist no wol ien op it bankje'.

Ek Hille Schakel seagen wy altyd yn it doarp: op 'e fyts, dwaande mei syn boot, putsjes by en yn 'e tsjerke. Hille ferstoar op 3 maart. Ek hy sil tige mist wurde yn ús doarp.

Wy winskje de neisten in soad sterkte ta.

Maaitiid 2011

*beammen yn 'e bloei
fûgeltsjes dy 't sjonge
seilstjes op it wetter
leechte om ús hinne*

Alle kaarten, leave wurden en de
grutte belangstelling by de
betinkingstsjinst fan myn leave man,
ús heit en pake

HILLE SCHAKEL

Hawwe ús hiel goed dien.
Us hertlike tank hjirfoar

Lutske Schakel-Jonkman
Rikst Nynke en Marco
Hylke
Lybrich en Tjitte
Lysbert & Rikst Rinke
Welmoed en Johan
Marrit en Bas



Bedankt

Leave minsken fan Tsjerkwert,

Tige tank foar al dy kaarten en blommen dy't ik krigen ha doe't ik yn it
sikenhûs fan Snits lei. Dat wie om't ik in nij heup hawwe moast.
It is spitich dat de operaasje net slagge is mar it komt allegearre goed.

De hertlike groetnis fan Geke Bakker-Kuipers.

Collectes



Nederlandse  Hartstichting

De opbrengst van de Hartstichting in Tjerkwerd is: € 314,33.
Alle gevers bedankt!

't Lamsearke

Alle onderstaande woorden zitten horizontaal, verticaal of diagonaal verstopt in deze woordzoeker. Streep ze door en maak van de overgebleven letters het puzzelwoord.

Lever de oplossing in bij één van de redactieleden en misschien win jij wel een prijs!!




aalscholver	fuut	kievit	merel	winterkoning
buizerd	gors	koolmees	mus	uil
duif	goudvink	kraai	raaf	wielewaal
eend	grutto	leeuwerik	reiger	wulp
ekster	hop	meeuw	taling	zwaan

Naam:

Oplossing

--	--	--	--	--	--	--	--	--	--

SNYPSNAREN



- Feest ! De Waltawei is einliks klear ! No beginne de bewenners harren huzen te slopen....ha we dat wer !
- Gerben D. hie al in nij hûs boud, no is der ek noch in nij hinnehok by kaam. Foardat de hinnen kamen, hat Gerben earst selts in skoft yn it hok sitten....doe't it goedkard wie koene de hinnen der yn om wer lekkere aaike te lizzen.
- Lars en Jesse hiene ek in aai fûn en kamen hastich op Mireille ta; Binne wy de earste fan de jeugd dy't in aai fine ? Mireille moast se út 'e dream helpe; se wiene net de earsten, it aai wie ek noch stikken en it wie in aai fan in ein...trije kear niks dus...oare kear better mannen !
- Ek Gjettje rûn wat sneu op 'e dyk om; sy socht net om aaien mar om har griene kontener. Immen koe har út e dream helpe; ynstee fan allinnich de ynhâld hie de Omrin-auto de hiele kontener yn 'e bak dondere !
- Dy wie se dus kwyd. Krekt as it gebit fan Rintsje, ek fuort. Hy mei net mear smoke en dêrom prûmket er no. Neffens him is it ek goed foar "syn pine yn 'e bek...". Yn hûs wol Geke dat smoarge gedoch net ha, mar doe't Rintsje bûten wie hat er syn prûmke mei gebit en al yn 'e sleat spuid.....Neffens Geke; eigen skuld, dikke bult!"
- Misskyn kin de jeugd it gebit wer opfiskje. Sa krige Arnold fan Ids fergees trije moaie dobbers foar it fiskjen. Doe't Ids him letter frege at hy al wat fongen hie mei syn nije fiskers-ark, fertelde Arnold him dat hy de dobbers kwyd wie; hy hie se goed ferkocht oan Mark M.! Dat is nochris winst !
- Handelje kin Arnold dan wol, mar syn topografie is net sa goed. Hy frege oan Jan N. at hy him derby helpe woe, dat woe Jan wol dwaan. Doe't hy him frege wêrom Arnold witte wol wêr alle stêden yn Nederlân lizze wie it antwurd; ik wol letter by de marine....
- Misskyn kin hy dan ek oan ús ynwenners fertelle wêr at de klean-kontener no stiet. In soad minsken fytse mei in pûdfol klean troch it doarp en keare dan mar wer nei hûs werom, omdat sy de kontener net fine kinne.
- No dan foar de dûdlikens; dy kontener stiet op Dyksicht, hielendal oan it ein, neist it nije jeugdhonk. Dat is dan wer die kontainer die gjin namme mear hat en noch in bytsje opkreaze wurde moat.

- In eintsje fierder, op 'e Himdyk, spaant Yde wolris mei syn hûnen en syn skiep om. Dan giet de tillefoan; "Thúskomme, do moast de bern nei it swimbad bringe !" Dus hup, yn de auto en gas, op nei it swimbad ! Underweis wer dy ferhipte tillefoan; "Dyn hûnen rinne noch op de Himdyk om !" ... Tsjonge jonge, wat in drokte !
- Geke hie ek drokte, mar dan mei har geraniums. Die helle sy op sneontejûn allegear yn 'e hûs. Op de fraach fan Betty wêrom 't sy dat die, wie it antwurd: Fokko giet jûn te feesten en at er dan thús komt nimt hy al myn geraniums altyd mei.
- No, rare boel, Thea Z. wie ek te feesten, in hiel wykein selts ! Sy koe dus thús net iten siede. De mannen fan Zysling hawwe dêrom foar trije dagen iten op de barbecue mei Keninginnedei.
- Fan it melken krije de Zijslings gjin honger mear, want dat litte sy no dwaan troch de froulju Betty en Karin !
- At sy goed harren bêst dogge, fertsjinje sy misskyn ek wol in lintsje, krekt as Akke en Hinke. Op de fraach oan Hinke hoe 't sy har nei de tiid fielde kaam it antwurd; " Eh, niks bysûnders fanke, ik bliuw der hiel gewoan ûnder, ik siet om healwei fjouweren alwer by de kapper!". Ja, dat is dan ek wol handich fansels; dan wit hiel Boalsert gelyk dat je ûnderskieden binne !
- No, hiel gewoan of net, it bliuwt dochs wol hiel bysûnder !



Jo skewielje de redaksje (en dan benammen Mireille) yn 't bysûnder troch de bydragen út de rûnten fan ferienings en sa **foar** de kopijdatum yn te stjoeren, leafst te mailen. Wy moatte de lêste tiid te faak aksje ûndernimme om it nijs binnen te krijen, wylst it dochs eins de ferantwurdlikens is fan de ferienings sels. Graach omtinken hjirfoar en alfêst tige tank foar de reewillichheid.

Verwen je voeten, welkom bij de pedicure

Luister naar uw voeten, pijnlijke voeten zijn niet normaal, verdring de pijn aan uw voeten dus niet... maar doe er wat aan!

Voor een afspraak kunt u contact opnemen met:



Richtje Hiemstra-Boersma

Van Panhuysweg 6

8765 LH Tjerkwerd



Miedema Lighting **Besparingstechniek**

Voor al uw energie zuinige verlichting en installatie aanleg kijk voor meer info:

www.spaarlampen.eu 06-25146668

**Kopij foar it nije nûmer
graach foar 2 septimber
2011 nei**



Oooh!

Aaah!



Wij houden van oranje!

Topkwaliteit compacttractoren uit het land van de rijzende zon

MDT

Tuin & Park

Industriepark 13

Bolsward

0515 - 577370

06-46 41 50 80

info@mdtbolsward.nl

www.mdtbolsward.nl